It beskikbere budzjet fan DINGtiid foar it jier 2019 wie € 186.500. De provinsje Fryslân hie foar 2019 in bedrach fan € 109.500 earmerke foar DINGtiid. It ministearje fan BZK stelde DINGtiid € 50.000 ta foldwaan. Dêrneist wie der út 2018 noch in bedrach fan € 27.000 beskikber foar 2019.

	Utjeften
Fergoedings bestjoersleden DINGtiid	€ 23.004,00
Stêf DINGtiid	€ 56.760,00
Húsfêsting	€ 3.169,32
Kommunikaasje	€ 5.540,85
Wurkprogramma – ûndersyk en advizen	€ 58.523,75
Oerlizzen – DINGpetearen	€ 8.790,98
Oare kosten (reiskosten, administraasje, abonneminten, sollisitaasje, ensfh.)	€ 14.285,60
Totaal	€ 170.074,50

OPINIE

Noarm nedich foar ‘opbringsten’ Frysk

Frysk moat ‘fun’wêze, seit de deputearre. Mar op skoalle kin it dêr net mei ta. Der moatte dúdlike noarmen wêze foar it resultaat en dêr heart de ynspeksje op ta te sjen.

CHRIS VAN HES

Mei in soad nocht haw ik dielnommen oan it DINGtiid-petear fan 10 jannewaris oangeande it plak fan it Frysk yn de skoallen. Nei ôfrin fan dat petear bin ik ta de konklúzje kaam dat der mar ien goede oplossing is foar kwalitatyf foldwaande Frysk: de resultaten fan it Frysk moatte yntegraal meinommen wurde yn de opbringsten fan de basisskoallen.

Eltse skoalle hat in fiergeand foech oer it oantugen en it brûken fan metoaden, ûnderwiisstilen en it heljen fan predikaten. Dêrom is net ien skoalle gelyk. Der is gelokkich wol ien unanime mjitlatte: dat binne de einopbringsten fan in skoalle. Dat binne de resultaten fan de bern op in eintoets, dy't oan in lanlike noarm fan it ministearsje fan OCW keppele is.

Dat foech, of dy ‘autonomy’, fan skoallen is krekt de oast as it om it Frysk giet. Sa binne skoallen yn Fryslân net ferplichte om it predikaat ‘3TS’ (Trijetalige Skoalle) te heljen. Wol wurde se gauris achte om minimaal in kertier Frysk yn de wike oan te bieden, mar seis dát toetst de ynspeksje net as dy de skoallen fisiteart. En dan is der noch neat sein oer de ‘ynhâldlike’ kwaliteit fan sa’n kertier. Is it besjen fan in Frysk filmke as ferdivedaasje genôch?

Dêrom is der mar ien goede oplossing: der moatte minimale noarmen fêstlein wurde foar de (ein)opbringsten fan it (fak) Frysk, rjocht dwaande oan wetlik fêststelde kearndoelen. Yn it neipetear waard flústere dat dit in foarm fan twang wèze soe en dat soks nea it gefal wêze mei. By alle wetlik ferplichte fakken is der lykwols sprake fan oerheidstwang en wurde der kearndoelen formulearre, want oars komt der neat fan terjochte. Dêr heart de ynspeksje op ta te sjen. Wêrom soe no krekt it Frysk wer ûnderwerp fan útsûndering wêze moatte?

Oan de ein fan de gearkomste ornearre deputearre Sietske Poepjes dat it Frysk yn it foarste plak ‘fun’ wèze moatte soe. No is der yn it ûnderwiis neat op tsjin dat it fak sa aardich mooglik brocht wurdt, mar alles wat echt fan wearde is en goed oaneigene wurde moat, kostet ynspanning en switdrippen en dat is lang net altiten ‘fun’. Dêr is neat mis mei, krekt oarsom. Oan de ein fan dat learproses, as de doelen berikt binne, komt de echte ‘fun’, it grutsk wêzen op de prestaasje. Oant no ta is it in feit dat sa’n 85 persint fan de learlingen dy't de basisskoalle ferlitte, analfabeet bleaun is yn de eigen Fryske taal en de oarsaak dêrfan leit foar in grut part by it ûnderwiis. Der moat dus wol wat mear barre as te roppen dat it Frysk ‘fun’ wèze moat.



Trije flaggen oan ‘e mêst foar in nije trijetalige skoalle. FOTO JILMER POSTMA

Is it besjen fan in Frysk filmke as ferdivedaasje genôch?

No wurdt der yn it ûnderwiisfjild al jierrenlang besocht om ynfolling ta jaan oan it fak Frysk. Mei op de *ef*tergrûn in oerheid (ek de provinsjale) dy't him derta beheint om hjir en dêr wat ‘krûpkes’ te jaan en dy't ‘twang’ as in taboe beskôget. Troch in polityk mei in heech kraaltsjeen-spegeltsjesgehalte moat der sadwaande ‘goodwill’ by de ûnderwiisprofessionals kocht wurde. Nuver want it Frysk heart ‘gewoan’ thús yn it reguliere oanbod fan in basisskoalle, neist fakken lykas rekkenjen, Nederlânske taal en muzyk, en dat freget ‘gewoan’ om kwalitatyf goed ûnderwiis.

Fansels moat der wol in foarm socht wurde om it de ‘professionals’ sa maklik mooglik te meitsjen om (op syn minst) trije talen (Frysk, Ingelsk, Hollânsk) te kombinearjen binnen it lesroaster. De ‘trijetalige skoalle’ soe sa’n moaie en effektive foarm wèze kinne. Dat betsjut ù.o. dat de learkrêften in fêst part fan de wike (bygelyks fjouwer middeiskoften) ien fan de trije talen as fier-en ynstruksjetaal brûke. Dêrby soene de nijste metoaden (lykas yntegraal meartalige learmiddels), kompleet mei in foichsysteem foar it Frysk oanskaft en brûkt wurde moatte.

Skoallen/skoalbestjoeren krije al jild om (in part fan) sokke kosten mei te dekken. De subsydzjeregeling ‘Materiële instandhouding Fries’ (MIF) en in bettere salariearring fan learkrêften dy't it foech foar Frysk helle hawwe kin de ‘fun’ fan it Frysk noch mear befoarderje.

Ta beslút brûke tsjinstanners fan it Frysk gauris it argumint dat bern fan flechtlingen net by steat wêze soene en lear ús taal. En dat hja sadwaande ‘diskriminearre’ wurde soene. Dêrom soe it mar better wêze om gjin oandacht oan it Frysk te jaan. Sa’n argumint diskwalifisearret harren sljochtwei ta ‘domme’ bern. Lju dy't dat as argumint ‘misbrûke’, wolle dy bern de kâns ûntnimme om goed yn de Fryske en Frysktalige maatskippij te yntegrearjen. En krekt dát is gjin yntegraasje mar diskriminaasje.

Chris van Hes is skoalhaad yn it basisûnderwiis

Wat hat DINGtiid berikt yn 2019?

- **DINGtiid advisearret**
  DINGtiid hat frege en net-frege advizen útbrocht: frege advizen oangeande it brûken fan it Frysk by Ryksútfieringsorganisaasjes en gemeenten. Net-frege advizen oangeande de nuodlike situaasjes by de Fryske Akademy, Kurrikulum.frl en it gebrûk fan it Frysk by Rjochtbank Noard-Nederlân en Gerjochtshôf Arnhem-Ljouwert.

- **DINGtiid sinjalearret**
  DINGtiid hat knyppunten yn it fjild beneamd en ynput foar takomstige advizen ophelle yn it fjild, fia yndividuele petearen en mei DINGpetearen oangeande it ûnderwiis en de kennisynfrastruktuer.

- **DINGtiid profesjonalisearret**
  DINGtiid is fierder profesjonalisearre en sichtberder wurden. Oanbefellings út de selsevaluaasje binne of wurde oppakt. Boppedat fine advizen fan DINGtiid hieltyd better harren paad nei polityk, media en maatskippij.



DINGtiid as organisaasje

Selsevaluaasje

DINGtiid hat Bureau Bloei! & Frijman frege te stypjen by de selsevaluaasje oer de perioade 2014-2018. Ut de evaluaasje komt nei foaren dat DINGtiid yn de earste fjouwer jier sûnt syn oprjochting syn posysje aardich fûn hat. Dochs moat der yn de takomst oan in oantal saken wurke wurde. Foar de takomst fan DINGtiid is it wichtich dat der in sûne balâns fûn wurdt tusken it better oansluten by bestjoerlike prosessen (benammen by de provinsje Fryslân en it ministearje fan BZK) en it behâlden fan kreativiteit en ûndernimmerskip. Ek fan belang is it lykwicht tusken de ûnôfhinklike advysrol en de oansluting by de amtlike syklus fan de belangrykste partners. Sa sil de effektiviteit fan de advizen tanimme. DINGtiid slacht goed acht op de oanbefellings en giet dermei oan de gong. De selsevaluaasje is yn it neijier fan 2019 oanbean oan de minister fan BZK.

Sichtberens

Ferskate kearen publisearren de Fryske nijsmedia oer DINGpetearen en advysbrieven. Dêrneist klommen ek kolumnisten yn de pinne of gienen ynstjoerde brieven nei de kranten fierder yn op saken dy't yn DINGpetearen oan bar kaam wienen. Dat is ek wat DINGtiid neistribbet: belanghawwers mei-elkoar yn petear bringe.

DINGtiid sels wie op sosjale media benammen aktyf op Twitter. Der waarden 314 tweets ferstjoerd, dy't mei-inoar 195.528 kear besjoen binne. 2168 minsken hawwe it Twitterprofyl fan DINGtiid besjoen. De tweets hawwe 105 nije folgers opsmiten (642 totaal op 31 desimber 2019), in taname fan sawat 20 prosint yn ferlykjen mei 2018.

Nulmjitting Frysk by gemeenten

DINGtiid hat (yn oparbeidzjen mei de Afûk) ûndersyksburo Partoer yn 2019 de opdracht jûn om yn kaart te bringen hoe't it steld is mei de finansjele en personele ynset foar it Frysk by gemeenten. It giet om in nulmjitting, dy't in ferfolch is op it yn 2018 útfierde ûndersyk 'De rol fan it Frysk by gemeentlike weryndielingen yn Fryslân'. De sintrale ûndersyksfraach is: 'Wat is de ynset fan gemeenten foar de Fryske taal en hoe ferhâldt him dat ta de ambysjes fan de gemeenten?' Foar dit ûndersyk hat Partoer him rjochte op de perioade tusken it yngean fan de Wet gebrûk Fryske taal (2014) en maaie 2019. Beliedsoanpassings fan néi maaie 2019 binne dus net mear meinaam yn it ûndersyk. De befinings en oanbefellings fan de nulmjitting sille yn 2020 oanbean wurde oan de gemeenten, provinsje Fryslân en BZK.

Rapportaazje Committee of Experts

DINGtiid hat yn oktober 2019 de Committee of Experts (COMEX) fan de Ried fan Europa ynformearre yn it ramt fan harren raportaazje oangeande it Europeesk Hânfêst foar Regionale of Minderheidstalen. By dizze gelegenheid hat DINGtiid ek praat oer de wichtichste befinings út it advysrapport fan 2018, 'De ymplemintaasje fan it Europeesk Hânfêst foar Regionale en Minderheidstalen yn Nederlân sûnt it ratifisearjen yn 1996'. It sintrale boadskip fan DINGtiid hat west dat der in positive wyn waait wat it Frysk oangiet en dat Ryk en provinsje ambisjeus binne, wat ek blykt út de BFTK 2019-2023 en de ynfiering fan de Taalskipper. Wichtige oandachtspunten binne noch wol it plak fan it Frysk yn de rjochtseal, in goede boarging fan Frysk ûnderwiis en de fersterking fan de kennisynfrastruktuer om it Frysk hinne. Fierder hat DINGtiid de COMEX derop wiisd dat de governance bytiden better moat. Dat soarget foar stabiliteit yn it fjild en helpt it ûntwikkeljen fan in breed droegen maatskiplike fyzje op it Frysk – de stip oan 'e hoarizon. Sa'n fyzje kinne sektoaren lykas media, kennis, ûnderwiis en kultuer harren eigen aginda's dan wer oan keppelje.

Casestudy Frysk by Ryksútfieringsorganisaasjes

Yn 2018 en 2019 fierde DINGtiid op fersyk fan minister Ollongren fan BZK in casestudy út nei it brûken fan it Frysk troch Ryksútfieringsorganisaasjes. DINGtiid prate mei meiwurkers fan de Belestingtsjinst, de Rykstsjinst foar Undernimmend Nederlân (RVO), it Utfieringsynstitút Wurknimmersfersekerings (UWV), de Tsjinst Utfiering Underwiis (DUO) en de Meldkeamer Noard-Nederlân, en ûndersocht hoe't dy yn harren organisaasjes omgean mei it mûnling en skriftlik brûken fan de Fryske taal yn harren kontakt mei boargers. DINGtiid bea op 7 novimber 2019 de foarriedige konklúzjes en oanbefellings op it Streektalesympoasium yn Venlo oan minister Knops fan BZK oan.

Ut de casestudy blykt dat de meiwurkers fan dizze Ryksútfieringsorganisaasjes bekend binne mei de Wet gebrûk Fryske taal en dus mei de wetlike posysje fan de Fryske taal. Gjin fan de Ryksútfieringsorganisaasjes hat oangeande it Frysk spesifyk taalbelied opsteld. It brûken fan de Fryske taal yn de deistige praktyk by de Ryksútfieringsorganisaasjes komt fuort út de winsk om de klant sa goed mooglik fan tsjinst te wêzen – dus net sasear út in wetlike bepaling oangeande de Fryske taal. De casestudy mei definitive befinings en oanbefellings sil begjin 2020 oanbean wurde en publisearre wurde op de webside fan DINGtiid.



Takomst Fryske Akademy

Yn 2019 hat DINGtiid opnij syn soargen utere oer de finansjele en ynhâldlike posysje fan kennisynstitút de Fryske Akademy. Yn it BFTK-advys fan 2018 utere DINGtiid al syn soargen oangeande de Fryske Akademy. Yn ferskate petearen mei deputearre Poepjes en deputearre Fokkens-Kelder hat DINGtiid der yn 2019 op wiisd dat der sprake is fan de alderheechste urginsje om aksje te ûndernimmen op dit dossier. DINGtiid ûnderskreau it advys fan sawol it Gateway Reviewteam as de Taskforce, dat der mei gauwens in kaptaalynjeksje komme moatte soe om de likwiditeit op de koarte termyn te garandearjen. Boppedat stelde DINGtiid dat der finansjele romte komme moatte soe om in reorganisaasje mooglik te meitsjen. Oanienwei yn dit dossier hat DINGtiid it belang fan de Fryske Akademy foar de Fryske taal ûnderstreke en derop oanstien dat yn alle senario's it wittenskiplik nivo fan de Fryske Akademy boarge wêze moat. Yn sawol maart as oktober 2019 hat DINGtiid in advysbrief skreaun oan de Deputearre Steaten. Beide brieven steane op de webside fan DINGtiid.

Frysk yn de rjochtseal

DINGtiid hat yn desimber 2019 yn in brief oan it Gerjochtshôf Arnhem-Ljouwert en Rjochtbank Noard-Nederlân oandacht frege foar de posysje fan it Frysk binnen de rjochtspraak, en yn it bysûnder yn relaasje ta it brûken fan it Frysk yn de rjochtseal. Dêrneist is ek omtinken frege foar de kwetsberens fan it tolkenetwurk Frysk, no't der mar ien beëdige tolk bestiet. DINGtiid skriuwt yn de brief dat it foar Fryskpraters dy't yn kontakt komme mei de rjochtspraak fan grut belang is dat se ûnbehindere harren taal sprekke kinne yn de rjochtseal – en dêrta ek pro-aktyf útnûge wurde. Dat jildt net allinnich foar it strafrjocht, mar foar alle rjochtsmêden. Yn de brief stelt DINGtiid dat it gebrûk fan de Fryske taal, yn it bysûnder yn de rjochtseal, bydrage sil oan de kwaliteit fan de rjochtspraak. Taal en kommunikaasje binne bûtenwenstige wichtich foar it fêststellen en wurdearjen fan de feiten en omstannichheden. Dat befoarderet in rjochtfeardige rjochtstapassing, en draacht sa by oan de kwaliteit fan de rjochtspraak. Dat de rjochter de oanbelangjende taal op goed nivo behearsket is dêr lykwols in krúsjale betingst foar. DINGtiid sil yn febrewaris 2020 in DINGpetear Rjocht hâlde oer it brûken fan it Frysk yn de rjochtseal.

Friesch Dagblad, 26 november 2019, pagina 18

Iedereen rond de Friese taal is te veel met zichzelf bezig

- **Instellingen delen zorgen over toestand frisistiek**

Jan Ybema

Leeuwarden Kennisinstellingen rond het Fries zijn te veel met zichzelf bezig, maar het is nog vrij onduidelijk hoe er een gemeenschappelijke agenda kan komen om beter samen te werken. Dat bleek gisteravond tijdens een bijeenkomst van Dingtiid, het adviesorgaan voor de Friese taal.

Betere samenwerking is hard nodig, want de frisistiek – het onderzoeksveld rondom Friese taal en cultuur – staat er niet al te florissant voor, daar waren de aanwezigen uit onderzoek, onderwijs en Friese instellingen als Afûk, Cedin, Tresoar en Fryske Akademy het wel over eens. „It üntbrekt oan in helder perspektyf op de takomst. It is dus net ferrassend dat de kennisynfrastruktuer no net optimaal funksjonearret", aldus Freddy Weima van Dingtiid.

„Elk fan ús is bot dwaande mei it eigen wurk fan it eigen ynstitút", erkende Alex de Jong, de nieuwe directeur van de Afûk. „Der wurdt wol gearwurke, mar de fersplintering is grutter. Wy tinke gauris dat wy it sels better witte as al dy oare ynstellings."

De Jong vroeg zich af waarom die samenwerking niet al eerder beter tot stand is gekomen. „Wy ha it der faak genôch oer, mar wy dogge it net." Hoe het dan wel moet? „Ik wit eins ek net sa goed hoe't wy dat fikse kinne", erkende hij.

Ook andere sprekers hadden moeite om een visie voor de toekomst concreet te maken. De taakgroep die de Fryske Akademy door-

> Wy tinke gauris dat wy it sels better witte as al dy oare ynstellings

lichtte kwam met het advies om een 'regisseur' aan te stellen, die de instellingen aanjaagt om efficiënter te werken en taken onderling slimmer te verdelen. In het veld bleek brede steun te zijn voor de aanstelling van zo'n regisseur, maar over het takenpakket verschilden de opvattingen.

Interim-directeur Willem Smink van de Fryske Akademy vroeg zich af of zo iemand een tijdelijke aanjager zou moeten zijn, of een permanente functie moet vervullen. Hoogleraar Goffe Jensma van de Rijksuniversiteit Groningen opperde de vraag of er een soort KFAW zou moeten komen, een Koninklijke Friese Academie van Wetenschappen, om een kennisagenda op te stellen en aan te sturen.

Laks

Een 'stip aan de horizon' voor het Friese kennisveld is in ieder geval het Taalplan Frysk voor 2030: alle scholen in het Friese taalgebied moeten dan Fries onderwijs bieden zonder vrijstellingen.

Maar veel schoolbesturen zijn daar laks in, waarschuwde Jelle Dijksma, die was afgevaardigd namens de basisschoolkoepel Roobol. „Sy ha oare prioriteiten en litte it Frysk der mar wat by hingje." Anderen uit het veld herkenden dat beeld, terwijl juist schoolbesturen een leidende rol hebben in het halen van alle kerndoelen Fries in 2030. „It sil noch in flinke útdaging wurde om 2030 te heljen, mar wy dogge ús bêst", aldus Alex de Jong.

De provinsje Fryslân sette it trajekt Kurrikulum.frl tydlik stop op 1 april, om't bliken die dat it trajekt ynhâldlik en finansjeel dochs net binnen de oarspronklike opdracht útfierd wurde koe. In oanfoljende opdracht wie nedich en dy moast de provinsje neffens de Europeeske regeljouwing earst oanbesteegje. DINGtiid tidige der yn de brief op dat de provinsje Fryslân alle war dwaan moat om te soargjen dat it proses fan it fêststellen fan de kearndoelen Frysk gjin fierdere skea oprint troch fertraging. It advys foar de Fryske kearndoelen soe yntiids ree wêze moatte om yn de ferfolchfaze yn it neijier fan 2019 ynhâldlik parallel mei de lanlike kearndoelen oprinne te kinnen.

DINGpetear Kennisynfrastruktuer

Op 25 novimber organisearre DINGtiid in DINGpetear oer de Kennisynfrastruktuer fan it Frysk, as ûnderdiel fan in advystrajekt datoangeande. Belanghawwenden fan sawol maatskiplike as ûnderwiisorganisaasjes koenen harren miening en fragen kwyt oer de struktuer fan ûndersyks- en ûnderwiis(stipe)organisaasjes op it mêd fan de Fryske taal. Wurde studinten Frysk bygelyks goed genôch taret op in karriêre yn de maatskiplike sektor of it Fryske ûnderwiis? Wit it fjild de kennissektor goed genôch te finen? En oarsom, slute de kennisynstellings fan it Frysk optimaal oan by de fraachstikken fan no en aanst? By it DINGpetear prate in fjirtichtal dielnimmers – dêrûnder deputearre S. de Rouwe – oer hoe't dy kennisynfrastruktuer der yn de takomst útsjen moatte soe om maatskippij en ûnderwiis optimaal te betsjinjen.

Yn de oanrin nei dit DINGpetear binne yndividuele petearen fierd mei bestjoerders fan de Afûk, NHL/Stenden, Tresoar en Fryske Akademy, en mei lektors en heechleararen Frysk of meartaligens yn binnen- en bûtenlân.

Yn jannewaris 2020 sil in delegaasje fan DINGtiid in besite oan Galisië bringe om dêr mear te learen oer de kennisynfrastrukter fan it Galisysk en Baskysk. Fierder folget letter yn 2020 in twadde DINGpetear oer de Kennisynfrastruktuer. De resultaten fan beide DINGpetearen sille liede ta in advys oan it ministearje fan BZK, provinsje Fryslân en it Fryske fjild.

LEEUWARDER COURANT
11 januari 2019, pag. 2

Friese taalhulp voor scholen, naar voorbeeld van buurtsportcoach

MARIA DEL GROSSO

LEEUWARDEN Stel Friese taalcoaches aan die scholen kunnen helpen met beter Friestalig onderwijs. Het was een van de suggesties op een bijeenkomst van DINGtiid.

Wethouder Libbe de Vries van Opsterland kwam gisteren met deze suggestie bij het taalorgaan voor het Fries. De buurtsportcoaches zijn ooit opgezet omdat er onvoldoende gekwalificeerde gymleraren waren in het basisonderwijs. Dat speelt nu ook met de bevoegdheid om Fries te mogen geven. Friese taalcoaches kunnen in dit gat springen.

De aanwezigen bogen zich over de vraag of het reëel is dat in 2030 alle scholen een A-profiel voor het Fries hebben.

Die ambitie staat in de nieuwste Bestjoersôfspraak Fryske Taal en Kultuer (BFTK) die tussen het rijk en de provincie afgesloten is. Gedeputeerde Sietske Poepjes was aanwezig om de reacties te horen. Vanuit het onderwijs klonk vooral dat in één keer naar het allerhoogste profiel in 2030 onwerkbaar is. Er moeten tussenstappen komen.

Volgens Sjoerd Bonnema van scholenkoepel Comprix in Oost- en Weststellingwerf en Opsterland is de tijd daar nu rijp voor. Schoolbesturen maken nu hun schoolplan voor de komende vier jaar. Het zou welkom zijn als de provincie met concrete teksten en handreikingen komt over het niveau van het onderwijs in het Fries. Die kunnen de besturen dan opnemen in hun plannen. Volgens Bonnema moet je bij de besturen zijn, wil je op de scholen iets gedaan krijgen.

Hij pleitte ervoor er geen taalstrijd van te maken en wees erop dat er al heel veel gebeurt. Poepjes denkt dat met een leuke manier van onderwijs, „Frysk as fun" ook veel te bereiken is. „Wy wolle in heger nivo Frysk ûnderwiis, mar net ten koste fan alles."

- **Frysk yn spesjaal ûnderwiis**
  Yn 2019 hat DINGtiid in brief ûntfongen fan de Feriening Frysk Underwiis (FFÛ) oangeande de posysje fan it Frysk yn it spesjaal ûnderwiis; op it DINGpetear Underwiis yn jannewaris 2019 hie de FFÛ har noeden datoangeande, net foar it earst, op it aljemint brocht. DINGtiid hat de brief, en dêrmei de noeden fan de FFÛ, ûnder it omtinken brocht fan de provinsje Fryslân en de ministearjes fan BZK en OCW en derop tidige dat se de FFÛ fan in ynhâldlike reaksje foarsjogge oangeande dizze kwestje.

- **Kurrikulum Frysk**
  DINGtiid hat yn juny 2019 yn in brief oan de provinsje syn soargen utere oangeande it tydlik stopsetten fan it ûntwikkeltrajekt fan de kearndoelen fan it skoalfak Frysk. De kearndoelen fan alle skoalfakken wurde lanlik ûnder de loep naam en aktualisearre, ûnder de namme Curriculum.nu. It fak Frysk falt sûnt 2014 net mear ûnder it foech fan it Ministearje fan OCW, mar ûnder dat fan de provinsje Fryslân. Dat hat fan gefolgen dat de kearndoelen foar it Frysk op provinsjaal nivo stal jûn wurde moatte, yn gearwurking mei Curriculum.nu en Stichting Leerplan Ontwikkeling (SLO).

Frysk yn it ûnderwiis

- **DINGpetear Underwiis**
  Op 10 jannewaris organisearre DINGtiid in DINGpetear Underwiis yn de Kanselarij yn Ljouwert. Sa'n fjirtich dielnimmers, wêrûnder deputearre S. Poepjes, praten en diskusearren yn twa dielgroepen oer hoe't de kearndoelen Frysk yn it ûnderwiis yn 2030 behelle wurde moatte soenen. Oanlieding fan it DINGpetear wie it yn septimber 2018 presintearre 'Rapport Taalplan Frysk. Ambysjes foar it Frysk', opsteld troch it Lektoraat Taalgebrûk & Learen fan NHL/Stenden. Yn dat rapport stiet hoe't skoallen yn it primêr en fuortset ûnderwiis ynfolling jouwe oan de kearndoelen foar it fak Frysk en hoe't sy dy kearndoelen yn 'e takomst behelje wolle. Yn it DINGpetear Underwiis kaam nei foaren dat der yn it fjild behoefte is oan it nimmen fan tuskenstappen. Allinnich sa is it foar harren helber om de kearndoelen yn 2030 te beheljen. Alle dielnimmers hawwe in gearfetting fan it DINGpetear tastjoerd krigen.



Haadlinen DINGtiid yn 2019

Oerlizzen
DINGtiid hat yn 2019 tsien ynterne oerlizzen hân mei bestjoer en stêf.
Mei kommissaris fan de kening A.A.M. Brok hat ien oerlis plakhân.
Yn dat petear lei de fokus op de status fan it Frysk yn it rjochtsferkear.
Mei deputearre S.A.E. Poepjes hawwe twa mominten fan oerlis west.
Mei deputearre M.A. Fokkens-Kelder, dy't de Fryske Akademy yn 2019 yn portefúlje krige, hat ien oerlis west. In wichtich ûnderwerp op de aginda mei sawol deputearre Poepjes as letter ek deputearre Fokkens-Kelder wie de takomst fan de Fryske Akademy. Mei deputearre Poepjes waard fierder de fuortgong fan de rinnende BFTK bepraat.

Op 7 novimber hat in moeting plakfûn mei minister R. Knops fan BZK op it streektalekongres yn Venlo. DINGtiid makke fan dy gelegenheid gebrûk om de minister de foarriedige konklúzjes en oanbefellings fan de casestudy 'Het gebruik van Fries bij Rijksuitvoeringsorganisaties' oan te bieden. Op amtlik nivo hat der ek geregeld kontakt west mei de provinsje Fryslân en de ministearjes fan BZK en OCW.

Fierder binne gearkomsten bywenne fan Gemeenten&Frysk en hawwe der oerlizzen plakfûn mei Fryske organisaasjes as Afûk, Fryske Akademy, Kurrikulum.frl en Lektoraat Meartaligens fan NHL/Stenden.

Wa is DINGtiid?
It bestjoer fan DINGtiid bestie yn 2019 út seis leden, allegearre mei harren eigen ekspertize en eftergrûn. De bestjoersleden hawwe mienskiplik dat harren woartels yn Fryslân lizze en dat se harsels dêr ek bot mei ferbûn fiele. Tagelyk sjogge se mei in frisse blik nei Fryslân en it Frysk. It bestjoer bestie op 1 jannewaris 2019 út:

- Tytsy Willemsma (EU-lobbyist foar Noard-Nederlân, wethâlder Tytsjerksteradiel), foarsitter oant juny 2019, oandachtsfjild bestjoerlike saken, Europa

- Freddy Weima (direkteur Nuffic), oandachtsfjild kennis en ûnderwiis

- Hanny Elzinga (Dean University of Groningen Honours College), oandachtsfjild juridyske saken

- Bianca Pander (partner BKB |Het Campagnebureau), oandachtsfjild media en kultuer

Tytsy Willemsma naam ôfskied as foarsitter fan DINGtiid, koart nei har ynstallaasje as wethâlder by de gemeente Tytsjerksteradiel. Fan juny 2019 ôf waard it bestjoer útwreide mei:

- Jan Koster (earder: direkteur Arbeidsfoarsjenning; Ekonomyske Saken gemeente Maastricht; Omrop Fryslân), foarsitter, oandachtsfjild bestjoerlike saken

- Hedzer Klarenbeek (earder: jeugd- en sedeplysje Fryslân; wurdfierder fan it kolleezje fan B&W fan gemeente Ljouwert), oandachtsfjild oerheden

It bestjoer fan DINGtiid wurdt fierder stipe troch Anne Popkema (bestjoersadviseur), Tjallien Kalsbeek (sekretariaat) en Froukje Sijtsma (kommunikaasje).

DINGtiid

De namme DINGtiid

In 'ding' wie yn de tiid fan de âlde Germanen in gearkomste dêr't de frije mannen yn byinoar roppen waarden om in kwestje of skeel te besprekken. Sa'n kwestje waard fan alle kanten besjoen en besprutsen. Uteinlik joech de 'asega', in wetskenner, syn advys. DINGtiid, it Orgaan foar de Fryske taal set it 'ding' yn in nij perspektyf. As in ûnderwerp aktueel is kin DINGtiid saakkundigen, of krekt bûtensteanders, byinoarbringe yn in DINGpetear en dat tema fan ferskate ynfalshoeken út beprate.

Rol fan DINGtiid

DINGtiid wol oerheden en oare organisaasjes helpe om hannen en fuotten te jaan oan de Wet gebrûk Fryske taal (2014). DINGtiid folget ek oft en hoe't se dat dogge. As der oanlieding ta is, dan kin DINGtiid in advys opstelle oan oerheden en organisaasjes oer hoe't se taalbelied stal jaan kinne. Like nijsgjirrich as de advisearjende rol fynt DINGtiid ek syn oare rol, nammentlik it ynspirearjen fan minsken en organisaasjes om it Frysk op in fanselssprekkende wize te brûken. DINGtiid bringt minsken byinoar, sammelet en dielt ynformaasje, harket, stelt fragen en advisearret. DINGtiid wol ynnovatyf en iepen wêze en siket ek hieltyd nije foarmen om it petear oan te gean.

Jierferslach



Orgaan foar de Fryske taal

Jierferslach



Orgaan foar de Fryske taal